

TEKST 1 “IT IS FOAR MY IN FERRASSING HOE’T IT WURDE SIL.”

- 1 Dyn earste jeugdboek oer de problematyk om selsmoard hinne falt yn de prizen en dan wurdt der ek nochris in multimediasprojekt oer makke. It oerkaam Hanneke de Jong mei har boek *De lêste brief*. It wie mear as se dreame kind hie. Produksjehûs 'n Meeuw soarget foar in teaterfoarstelling mei livemuzyk, Omrop Fryslân foar in fjouwerdielige televyzjesearje en sels Twarres komt der oan te pas. Skriuwster Hanneke de Jong en Hilde Mulder fan 'n Meeuw oer it projekt.
- 2 Hanneke de Jong: “Efkes foar alle dúdlikens: myn relaasje mei ús mem wie goed, dêr is it boek net op basearre. Ik ha *De lêste brief* oan myn dochter Margryt opdroegen en it har de deis foar har fyftjinde jierdei jûn. Dat wie wol efkes in moai mem-dochter-momint.” De tema’s yn it boek binne mem-dochter, loslitte, puberteit, leafde en selsmoard. *De lêste brief* is yn 1999 útkaam yn it Frysk en troch de skriuwster letter sels yn it Nederlânsk oerset. It boek krige in Sulveren Spjelde fan de Fryske berneboekesjuery en waard mei eare neamd ('Gouden Zoen') by de jierlikse priisútrikking foar it bêste boek foar de jeugd fan 12 jier en âlder, útskreaun troch de stifting Collectieve Propaganda van het Nederlandse Boek. *De lêste brief* is Hanneke har earste jeugdroman. Se debutearre yn 1981 mei it Sint Pitermearke *Tusken tolve en ien oere*, dêr't letter in Sinteklazemearke fan makke is. Soksoarte fan ferhalen hat se in stik of wat fan skreaun oant se dat net mear spannend fûn. Yn 1990 kaam har earste berneboek út: *De kraan seit: drip*. En no dus: *De lêste brief*.
- 3 “Ik ha in skoft lyn lêzen dat yn twa jier tiid 1500 jonge minsken harsels tekoart dien hawwe. Ik fûn dat in hiel soad. It kin op elke skoalle foarkomme. Dêrom fyn ik it belangryk dat klassen der meielkoar oer prate. En ek âlders mei har bern.” Hanneke de Jong, dy't sels jierrenlang foar de klasse stien hat, hopet dat har boek en it hiele barren deromhinne oanlieding jout ta mear iepenens oer selsmoard.
- 4 “It betinken fan ideeën, lykas dy yn *De lêste brief*, is foar my it aldermaklikst”, seit De Jong. “Se waaie my gewoan oan. It probleem is dat ik der net altyd wat mei kin. Allinne ideeën dy't ik my net út de holle sette kin, dy't 'skriuw my, skriuw my' roppe, wurde útkeazen. De rest moat ik dan falle litte. It kin wêze dat ik nachts wekker wurd en tink: ja! Dan moat ik se earst opskriuwe foardat ik wer fierder sliepe kin.”
- 5 Yn septimber stjoert Omrop Fryslân Skoalletelevyzje in fjouwerdielige searje út foar jongeren nei oanlieding fan *De lêste brief*, mei ûnder oaren 'the making of' fan de teaterfoarstelling. It GCO-fryslân makket edukatyf materiaal foar de skoallen, dat oanslút op de televyzjesearje en de teaterproduksje. “Wy hawwe foar dit boek keazen omdat der net in soad leuke en lêsbere Fryske jongereinboeken binne,” seit Hilde Mulder, produsinte fan de teaterfoarstelling. “Do kinst mei dit boek in hiel protte kanten út: muzyk, teater en televyzje. It is in foarstelling nei oanlieding fan it boek, it boek wurdt net letterlik oernaam. De tematyk is aktueel.”
- 6 Hanneke de Jong: “Ik hoech foar it hiele projekt neat te dwaan. It giet allegearre bûten my om. Nei it earste petear mei alle minsken dy't deryn behelle binne, tocht ik: hjir ha ik wol fertrouwen yn. It is foar my ek wol in ferrassing hoe't it wurde sil. Myn boek is de basis, mar oft ik it aanst ek werom ken? Ik bin hiel benijd.” Tamara Schoppert, Lianne Zandstra en Nynke Heeg spylje de haadrollen yn de Frysktalige foarstelling fan *De lêste brief*. Tamara is presintatrise fan skoalletelevyzjeprogramma's op Nederlân 3. Lianne hat in rol yn de nijste Kameleonfilm en is bekend as 'de dochter' yn *Baas boppe Baas*. Nynke Heeg is aktyf foar Tryater. Neffens Hilde Mulder fine de trije haadrolspilers it hiel leuk om mei te dwaan. “It binne trije aardige, goede aktrises, en se ûntrinne mekoar neat.”
- 7 “Wat ek bysûnder is, is dat der by de foarstelling in liveband oanwêzich is. De

muzyk dêrfoar is skreaun troch Twarres. Ik fûn it in pear jier lyn moai dat de Fryske muzyk fan Twarres sa oansloech. Ik hoopje dat it der moai by past,” seit Hanneke de Jong. Hilde Mulder is baas fan de Jeugd Teater Skoalle. Dy makket foarstellings foar jongeren fan 12 jier ôf. “De muzyk fan Twarres slút oan by dy leeftiid. En se dogge it hartstikke goed op it stuit. It is foar alle trije partijen ek hiel moai om sa gear te wurkjen, om elkoars fakgebiet te oerlaapjen. Twarres makket foar it earst muzyk dy’t se net sels spylje, Omrop Fryslân makket in fideofilm dy’t ûnderdiel is fan it teaterbarren sels en wy wurkje foar it earst gear mei de televyzje.”

- 8 Yn septimber en oktober binne de foarstellings fan de teaterproduksje. Op it stuit binne de spilers noch allegearre drok

oan it oefenjen. Hanneke de Jong is ûnderwilens al wer drok dwaande mei in nij projekt. “Ik sit no yn de lêste faze fan it skriuwen fan in nij jeugdboek. Yn dat boek besiket in jonge fan sechstjin út te finen wat der yn it ferline bard is. It skriuwen fan in boek is krekt in befalling. As it klear is tinkst fan: wie dat no alles? Ik bin benijd oft by dat nije boek elkenien sizze sil dat it in echt jongesboek is. Fan *De lêste brief* seine se nammentlik dat it in echt famkesboek wie. Ik bin noch lang net útskreaun trouwens. Ik ha noch in bulte ideeën. Ik besykje hieltyd wat te finen dêr’t noch in útdaging foar mysels yn sit. It moat wol spannend bliuwe!”

*Frij nei in artikel fan Marike Pool
Ut: BOEK, Frysk Tematydskrift, nûmer 5,
septimber 2003.*

TEKST 2 PRODUKSJEHÛS 'N MEEUW: MEITSJE DY LOS FAN IT DEISTIGE

- 1 Ofskie nimme. Loslitte. Stjerre. Hanneke de Jong skreau it jeugdboek *De lêste brief* oer in mem dy't har 14-jierrige puberdochter net omearmje mar ek net loslitte kin. Omdat se ea har hertsfreondinne kwytrekke is dy't harsels tekoart dien hat. De Volkskrant resinsearre: 'een schitterend, humorvol en troostrijk boek.'
- 2 De jonge regisseur Guido Kleene hat it oandoard yn opdracht fan Produksjehûs 'n Meeuw in teaterbewurking te meitsjen fan De Jong har kreaasje en lit my koart wêze: wat in feestlike iepening fan it Fryske teaterseizoen 2003-2004. Want yn dizze kollaaasje dûnsje de fynsten yn polonêze oer it podium, wurde de mooglikheden fan de taal yn it teater optimaal brûkt.
- 3 De iepening allinne is al goud wurdich: de aktrises fertelle it publyk letterlik dat se op dat stuit yn de rollen krûpe fan de boekpersonaazjes Berber, har freondinne Marjella en har mem. Mar de earste beide wolle har daliks al net hâlde oan it ferhaal fan Hanneke de Jong, protestearje direkt al tsjin de twang fan it boek. Rinne de spanningen te heech op foar Berber, dan ropt se út de grûn fan har hert: "Wat in kutboek!" En rint in sêne ien fan har beide net nei 't sin, dan wurdt dy nochris spile. Dizze losse oanpak makket de wat swier oansette relaasje tusken Berber en har mem dochs oannimlik. Dy ferhâlding wurdt nammentlik bepaald troch it feit dat de mem o sa bang is dat har dochter itselde, tryste paad opgiet as har freondinne fan eartiids, dy't selsmoard pleegde.
- 4 Noch mar wat jubelferhalen. De natuerlike dialogen binne alhielendal fan dizze tiid en krûde mei film-Ingelsk. It amateurfilmke mei de mem en har freondinne fan destiids is in oangripende fynst. En de fjouwerkoppige band flechtet de sfearfolle muzyk fan Twarres mei oertsjûging troch de foarstelling hinne.
- 5 Mar de haadpriis giet nei de trije spylsters dy't mei in soad wille en yn in dynamyske styl harren karakters foarmjouwe. Tamara Schoppert en Nynke Heech dinderje as pubers grôtfol hormoanen fol faasje oer de planken, dûke yn grutte autobannen of fleane de touwen yn nei boppen ta. Oeral ropt de frijheid! Lianne Zandstra as mem is in rêstpunt, sy makket de machteleazens taastber mei in eachopslach, mei in lyts gebeart.
- 6 De teaterfoarstelling *De lêste brief* daget út dingen te dwaan dytst as jongere belangryk fynst. De moed net opjaan, meitsje dy los fan it deistige!

*Frij nei in artikel fan Gooitsen Eenling.
Ut: Leeuwarder Courant fan 25 septimber
2003.*

TEKST 3 DE LÊSTE BRIEF: IN FOARSTELLING DY'T LÊST AS IN BOEK

(Fragminten út in fraachpetear mei Guido Kleene, de regisseur fan it toanielstik "De lêste brief", dat makke is op basis fan Hanneke de Jong har jeugdboek mei deselde titel).

Fragmint A

"Doe't ik it boek lêzen hie, wist ik dat it net in maklik boek wie om op it toaniel te setten. Fan alle persoanen yn it ferhaal wiene der
5 eins mar twa dy't feroaren: Berber en har mem. It konflikt tusken dy beide minsken boeide my. Dat sprekt my trouwens altiten wol oan: it emoasjonele konflikt tusken memmen en dochters. Eins giet it fansels om
10 de eangst om mekoar los te litten." Guido Kleene wie him derfan bewust dat de relaasje tusken mem en dochter yn *De lêste brief* net in gewoane konfliktsitewaasje is. "It is fansels net normaal datst in mem hast dy't
15 ûndúdlike briefkes efterlit. It seit in hiel soad oer hoe ferwongen de mem mei har ferline omgiet."

Frij nei: "De lêste brief", in foarstelling dy't lêst as in boek. Gerbrich van der Meer, Ut: Friesch Dagblad, 24 september 2003.

Fragmint B

"Yn de foarstelling lit ik de aktrises Tamara
20 Schoppert en Nynke Heeg hiel bewust yn de personaazjes fan Berber en har freondin Marjella stappe. Se stappe eins sichtber yn it ferhaal fan *De lêste brief*. Mar dan docht bliken dat Berber it bytiden hielendal net sa
25 aardich fynt om de ferhaallijn te folgjen. Eins wol se har personaazje ûntflechtsje en dat is yn wêzen it ferhaal fan alle pubers. Krekt sa't de Berber út it stik it personaazje út it boek net altiten folgje wol, besiket in puber him los
30 te meitsjen fan de twang fan regels en foarskriften fan de âldere generaasje."

Frij nei: "De lêste brief", in foarstelling dy't lêst as in boek. Gerbrich van der Meer, Ut: Friesch Dagblad, 24 september 2003.

TEKST 4 JOUSTER TOER JOUT SYN GEHEIMEN BLEAT

- 1 Yn 1628 lei grytman Hobbe van Baerdts fan Haskerlân de earste stien foar de Joustertoeer. Ta gelegenheid fan it 375-jierrich bestean fan dat markante bouwurk is op 't heden yn Museum Joure de jubileumeksposysje 'De Joustertoeer, 375 jaar lief en leed' te besjen. Dêr falt gâns wat op te stekken. "Wy soene hjir graach alle Jousters, âld-Jousters en al dy oare minsken mei belangstelling foar dit ûnderwerp ferwolkomje wolle", seit Jaap Langius, ien fan de gearstallers fan 'e toereksposysje.
- 2 De wurkgroep dy't de eksposysje gearstald hat, bestiet njonken Langius út Theo Mulder, Wilma Raadsveld en Hanneke Staal. Foaral yn it argyf fan 'e tsjintwurdige gemeente Skarsterlân wie in soad ynformaasje te finen. 'De Joustertoeer, 375 jaar lied en leed' is in eksposysje mei hast alles derop en deroan. Mei in soad nije foto's (fan Karel Jongsma, Roel Otten en oaren) wurde alle hoeken en hernen fan 'e jubilearjende toer yn byld brocht. Alde foto's, gedichten, knipsels, skilderijen, aansichtkaarten, tekeningen en withoefolle dokuminten meitsje it ferhaal oer de Joustertoeer yn it Museum Joure fierhinne folslein.
- 3 Mei hoanne en al hat de toer in hichte fan 42 meter. Hy is noch altyd in beaken yn 'e Joustertoeer kontreien. Tsjintwurdich stiet er yn it hert fan De Jouwer. Mar yn 1628 stie er oan de ein fan de Midstrjitte. Allinnich oan 'e westkant fan 'e toer wie doe bebouwing. Yn 1644 waard de tsjerke by de toer boud. Dy gie by in brân yn 1939 foar in grut part ferlern. Gelokkich koe de toer doe rêden wurde. Yn 1947 waard de tsjerke wer opboud.
- 4 Sokke en in soad oare nijsgjirrige dingen binne op te dwaan by in besite oan de jubileumeksposysje oer de Joustertoeer. "Minsken tinke faak dat se fan dizze toer al in hiel soad witte", seit wurkgroep lid en -koördinator Hanneke Staal. "Mar it docht gauris bliken dat soks net wier is. Fier fan hûs, yn Florence of wêr dan ek mar, sille se in toer of oar gebou yngeand besjen. Mar fan 'e gebouwen yn it gebiet dêr't se sels wenje, witte se yn 'e regel it measte net".
- 5 It 375-jierrich jubileum fan 'e Joustertoeer stiet net op himsels. It toerkariljon, dat fyftich jier lyn by it 200-jierrich bestean fan Douwe Egberts troch dy fabrikant skonken waard, wurdt dit jier al fjirtich jier bespile troch Dirk Donker. En it yn Museum Joure bewarre oerwurk, dat fan 1903 oan 1965 de klokken yn 'e Joustertoeer oandreaun hat, is fan 't jier hûndert wurden.
- 6 De Joustertoeer hat yn al dy jierren leed en wille mei de minsken dield. In grut part fan dat 'leed' wiene en binne de ûnderhâldskosten. Op 'e eksposysje is ûnder mear yn fotoboeken oer de toerrestauraasjes fan 1976 en 2000 te sjen watfoar grouwélige ynspanningen dien wurde moatte om sa'n toer yn stân te hâlden.
- 7 Njonken de eksposysje wurde oant en mei 1 febrewaris 2004 noch oare aktiviteiten foar folwoeksenen en bern organisearre yn it ramt fan it toerjubileum. Bern kinne op 30 desimber in Joustertoeer bakke mei de bakkers yn it kadehûske fan Museum Joure of sa'n toer printsje mei de printers fan it neistlizzende Grafisch Museum Joure. Foar skoalbern binne der priisfragen útskreaun foar it meitsjen fan in kleurplaat en it kreëarjen fan in Joustertoeer fan ôffalmateriaal. Op it programma stiet fierders noch de lêzing 'De torenurwerken in de Joustertoeer', dy't de Joustertoeer klokmakker Jurjen Sinnema op sneintemiddei 18 jannewaris yn Museum Joure hâlde sil.
- 8 Fan de Joustertoeer is allinnich it ûnderste part ûnder begelieding tagonklik foar publyk. Mar op 'e eksposysje yn Museum Joure jout er foar elkenien syn geheimen bleat. Bygelyks oer de klokken en it kariljon of oer it 'Nedergerecht Haskerland', dat fan 1628 oan 1698 ûnderdak hie yn 'e toer. Der binne noch oerbliuwsels út dat tiidrek bewarre bleaun, lykas sellen en in soarte fan goatstien. Of wie dat lêstneamde attribút miskien in urinoir? Dat is net hielendal dúdlik en yn 2003 wurdt der noch altyd oer diskusjearre.

Ut: Friesch Dagblad, F-side, 16 desimber 2003

Eize de Boer

TEKST 5 WENJE YN IN STASJONSGBOU

Om 'e fjirtjin dagen set de F-side it skynljocht op in eigenaardige of opfallende wize fan wenjen yn Fryslân. Diskear is dat it eardere spoarstasjon by Hijum. It markante gebou
5 wurdt no bewenne troch Rimmert Plantenga en Marijke Hofman, harren dochters Ilse, Mirije en Eline en de hûn Gurbe.

Dit hûs is fan 1902. Yn it ferline wie it in stasjon fan it Dokkumer Lokaaltsje.
10 Persoaneferfier hat hjir oant 1937 west. Letter rieden der allinne noch frachttreinen. Yn 'e perioade 1979-1980 binne de rails fuorthelle. Wy fine it spitich dat it spoar hjir net mear leit. Wy binne no ienkear minsken
15 dy't fan âlde dingen hâlde. Wy hawwe no in hûs mei in stik skiednis en wy wolle der graach safolle mooglik oer witte. Dat wy binne wolris wat op 'e strún. Wy hearre soms ferhalen fan minsken dy't dit gebou noch
20 kenne út âlde tiden en wy dogge bytiden ek it ien en it oar op. Sa hie in samler út Minnertsgea dia's fan dit stasjon út 'e tiid dat it spoar der noch lei. Dêr hawwe wy no moaie foto-ôfdrukken fan.

25 Dit hûs en de frijheid fan it plakje sprekke ús tige oan. Wy binne allebeide opgroeid yn frijsteande huzen. Foardat wy dit hûs kochten, hawwe wy yn in lytse hierwenning wenne, yn in rychje. Nei in jier hiene wy dat

30 wol besjoen. Doe't wy hearden dat dit eardere stasjonsgebou te keap stie, binne wy der daliks efteroan gien. Wy wenje hjir sûnt 1992. De foarige eigener hie al flink oan it ferbouwen west, dat wy hoegden der net sa'n
35 soad oan te dwaan. Mar wy hawwe hjir doe wol gau in houtkachel pleatst, want wy seagen wol yn dat de gasrekken der oars net om lige soe yn dit grutte, glêsrrike gebou op 'e romte.

40 Dit hûs is destiids hiel deeglik boud, mei massive muorren mei in dikte fan fjirtich sentimeter. It is in bewurklik gebou en de lape grûn fan 1500 kante meter freget ek gâns omtinken. Wy binne gjin figueren dy't in
45 soad stil sitte. Wy meie graach wat ompiele. Plannen om noch ris wat dingen te febetterjen, hawwe wy altyd wol. En wy soene hiel graach noch in stikje lân by dit hûs keapje wolle. Dy kâns hawwe wy alris
50 hân. Mar doe hiene wy it hûs krekt kocht, dat doe paste it ús noch net. En buorman syn lân is mar ien kear te keap, is it sechje. Mar wa wit ...?

Wy libje hjir yn frijheid en sitte ticht by in lyts doarp mei in lytse skoalle. Dêr meie wy
55 graach oer. Wy wenje op in apart plakje en yn prinsipe wolle wy hjir net wei.

Ut: Friesch Dagblad, F-Side fan 1 april 2003.

Fan: Eize de Boer